

geast. Syn jongere broer Bauke wie in oertsjûge ARP'er. Abe Pieters wie dus suver in revolúsjonêre geast yn de Anema-famylje, want yn 'e pleit gear foar it folksûnderwiis, dat wie fansels flokke yn 'e tsjerke.

Dat opstannige sil faaks noch mear romte krigen hawwe om't er yn it hynstefermidden gauris syn Winamer doarpsgenoat Jelle Haitze Anema trof (gjin famylje foar safier't ik it neigean koe). Dy Jelle Haitze wie behalve boer en hast full time sosjalist ek ien fan de inisjatyfnimmers fan de draafsport yn de omkriten fan Frjentsjer. Nettsjinsteande syn fûlreade politike oertsjûgings waard er akseptearre as in foaroanman yn in âld boerefermeits. Yn 1911 en 1912 wie er as kandidaat fan de SDAP foar de reade gemeente Frjentsjerteradiel op kampanje foar de Keamerferkiezings fan 1913. Jelle Haitze Anema wie in baas sprekker; yn plakken as Sint Anne en Frjentsjer stie er wol foar fiifhûndert minsken. Uteinlik waard út syn distrikt wei de CH-kandidaat yn 'e Keamer keazen.

Rampjier

Abe Pieters wie op dat stuit hierder fan ‘de uitmuntende, zeer vruchtbare SATE en LANDEN, “De Voorrijp” (..), groot 86 hectare’. It lân wie oant 1914-1915 oan him ferhierd ‘voor f 3000 's jaars’. Sûnt 1878 wie er troud mei Antje Klazes Terpstra, fan komôf út Peins. De Terpstra’s wiene ek ien fan de gruttere boerefamyljes yn Noardwest-Fryslân. Der kamen fjouwer bern: Tietje, Saakje, Pieter en Doetje.

Yn 'e krante fan 20 maaie 1913 betanke Abe Pieters elkenien dy't bliken fan belangstelling jûn hie by syn 35-jierrich houliksfeest.

Mar in jier letter waard alles oars. Syn dochter Saakje kaam te ferstjerren, noch mar 30 jier en ‘nalatende 4 jeugdige kinderen’. It wie it rampjier 1914. De Earste Weareldoarloch bruts út. Abe Pieters stoar yn datselde jier, op 9 juny. Syn frou Antje Klazes bleau oant 1915 op de pleats. Doe kaam der op 24 maart in grut boereboelguod en it neilittenskip waard elegysk kwytmakke. De advertinsje smiet suver in foar ús as gedicht te lêzen tekst op:

‘I. LEVENDE HAVE, als: een gezond en melkrijk BESLAG VEE, bestaande uit 15 melke en kalve koeien, 5 hokkelingen, 1 enterstier en eenige kalveren; vijf beste paarden, w.v. 6-jarige vosruin, mak en bereden, vole [= drachtige] merrie, 12 jaar, bruine merrie, mak en bereden, zwarte ruin en bruine entermerrie; voorts: 6 schapen met en zonder lammeren, 2 gelde schapen en 9 kippen met haan (witte leghorns).

.
II. BOERENREEUW en GEREEDSCHAPPEN, als: tilbury, zoo goed als nieuw, 4 hooiwagens, koolzaadwagen, 3 aardkarren w.o. 1 met gierbak, melkkar, hooihark, arreslede, 2 ijzeren ploegen, vorenploeg, cultivator, houten en ijzeren eggen, ijzeren landrol, graanwinde, snijmachine, sproeibus, spekkist, slijpsteen, bint- en andere ladders, kret met planken,

kruiwagens, kafbak, bascule met gewichten, belwettuig, 2 gereiden met hoofdstellen en jaaglijnen, melkbussen, melk- en boonemmers, aardappelton, graanmaat, graan- en aardappelzeven, aardappelbakken, schoppen, grijpen, harken, vorken, binstokken, voor- en achterbinten, enkele en dubbele zijlen, baegen, leidsels enz.

III. PRODUCTEN, als: eene partij hooi, garst- en erwtenstroo en een mesthoop.

IV. Eenig MEUBILAIR, als: secretaire, stoelen, schuif-tafel, kachels enz.

Het vee is te bezichtigen op den laatsten Zaterdag en Maandag vóór het boelgoed, van 's morgens 9 tot des namiddags 4 uur.
De koeien kunnen blijven staan tot Vrijdags ná het boelgoed.
Op de sate is geen gelegenheid tot stalling.
Koekdisschen en hakblokken worden niet toegelaten.’

Foar dit artikel is foaral gebrûk makke fan it digitale argyf fan de *Leeuwarder Courant* en fierder fan: Josse de Haan. *100 jier Keatsen Hjerbeam. Histoaryske roman oer keatsen*. Boalsert, 1993 en: Pieter Breuker. *1899 Ontspanning 1984*. Grins, 1984.

Abe de Vries

In betide en bysûndere foarm fan ‘bedriuwскеatsen’

It 19^{de}-ieuske keatsen wie yn it earstoan noch yn hannen fan kastleins. Letter namen mear op idealistyske grûnen oprjochte organisaasjes it oer. It giet dan om kommisjes (mei de PC fan 1853 as fierwei de bekendste en belangrykste), VvV’s en úteinlings ferieningen. Dy organisearren it wedstriidkeatsen. Fansels waard dêr bûtenom ek keatst, allinnich der is mar in benaud lyts bytsje fan bekend. Foar de gruten sil it meast jûns nei it wurk oangongen wêze, foaral op ‘e buorrens, de jonges hienen oerdei ek wolris tiid. In hiel bysûndere, net earder beskreaune foarm fan keatsen fûn ik yn it digitale argyf fan de Ljouwerter krante.

Keatsende ‘Arbeiders van het Oud-Tigchelwerk’ te Berltsum

De krante fan 25 july 1871¹ befettet in yn ferskillende opsichten tige nijsgjirrich ynstjoerd stik, dat ik fanwegen syn belang hast hielendal oernimme sil. Ik doch dat yn trije parten, hieltiten mei koart kommentaar fan myn kant derby.

‘Mijnheer de Redacteur! Te midden van het fraaiste weder der wereld, hielden wij hier jl. zondag [16 july] een echt Friesch volksfeest. Geheel voor eigen rekening liet de heer Herman Alma onder zijne werklieden eene kaatspartij houden, welke, begroet door een aantal vlaggen, bijgewoond werd door honderden toeschouwers. Voor de mannen bestond de prijs in 6 kilogram spek, die, na een hardnekkigen strijd, ten deel viel aan F. Dijkstra en P. Hager; de premiewin-

naars ontvingen 5 kilo, al de overigen elk 1½ kilogram. De levenslustige jongens betwistten elkander vrolijk en dapper de overwinning, doch ten slotte kregen ook dezen elk eene mooie pijp, ½ kilo tabak of iets anders. De vrouwen en meisjes, ofschoon zij wel is waar niet mede kaatsten, kregen ieder ook een prijs. Van eene goede hoeveelheid bier kon elk naar hartelust drinken, dat de strijders tot nieuwen moed aanwakkerde.’

Dat moat dêr yn Berltsum in fleurige boel west hawwe: prachtichmoai simmerwaar, in feestlik oanklaaid terrein, hûnderten taskôgers, ûnder wa famkes en froulju, foar’t neist flink wat keatsende manlju en jonges, de lêsten wakker ‘levenslustig’, en foar elk net te min bier, dat al ûnder it spul oansprutsen waard. Gjin wûnder dat de ‘strijders’ op dy wize nije moed krigen. Sa dogge se it no noch yn Wervershoof/Onderdijk, dêr’t de spilers tusken de partijen troch wolris in fleske bier nimme.² Mar it is dêr ek mar in spultsje fansels.

Foar ús ûngewoan, mar oant let yn de 19^{de} ieu hiel normaal, wie it mei twa man keatsen yn ien partoer. Ek de prizen binne yn ús eagen opfallend: spek foar de manlju, in piip en tabak (of wat oars) foar de jonges. Kom dêr hjoeddedei ris om. It spek bringt jin de foaral yn de twadde helte fan de 19^{de} ieu hiel gongbere spekriderijen by it koartebaanreedriden yn it sin: dy tsjinnen suver as in foarm fan bystân. Dêrby krigen faak alle dielnimmers, jong en âld, fluch en

stadich, linich en krebintich, mar de measten sa earm as Job, wol wat: spek, mar soms ek earte, beane, bôle, fleis, sels in stik klean.³

Miskien hawwe de spekriderijen Alma wol op in idee brocht. Sa krigen ek by him de ferliezers allegearre 1½ kilo spek, wylst de famkes en froulju, hoewol’t se net keatsten, likegoed mei ‘een prijs’ nei hûs ta gongen. Alma liket in sosjaal fielend persoan west te hawwen, sa’t ek bliken dwaan kinne soe út it ferfolch fan it ynstjoerd stik:

‘heer en knecht, kapitaal en loon’
‘De heer Alma heeft hierdoor op nieuw het bewijs geleverd, dat hij een volksman is; het strekke ten voorbeeld voor alle fabrikanten en werkgevers. Als die heeren, beneevens alle kapitalisten, zoodanig meer en meer handelden, er zou gewis weldra beter harmonie tusschen heer en knecht, tusschen kapitaal en loon tot stand komen. Wij althans danken bovengenoemden heer voor de genoegens en het plezier, ons zoo ruimschoots bij die gelegenheid geschonken en hopen, dat hij lang onze patroon mag blijven en nog vele jaren tot nut en welzijn van den werkenden stand moge leven.’

Hiel nijsgjirrich ek is de passaazje oer ‘heer en knecht, [...] kapitaal en loon’. Dêr klinkt suver wat in iere foarm fan sosjale striid trochhinne.⁴ No hoecht jin dy krityske toan net hielendal te fernuverjen. It wienen lange en swiere wurkdagen op it fabryk en it wurk moast yn it simmerhealjier dien wurde, oars koenen

de stiennen net genôch droegje ear't se bakt waarden (hjerstmis koe it spul ferreine, winterdeis ferfrieze). Ek jonges en sels famkes en froulju waarden wol foar it wurk op it stienfabryk ynset.⁵ In feestdei (al wie 't yn dit gefal wol de frije snein!) om alle soargen eefkes te ferjitten sil dus mear as wolkom west hawwe.

De skriuwers fan it ynstjoerd stik, 'De arbeiders van het Oud-Tigchelwerk' te Berltsum, beslute har mar knap ûnder wurden brocht stik sa:

'Met den wensch, dat soortgelijke volksvermakelikheden dikwijls de kermissen moge vervangen, zult gij mijnheer de redacteur ons met de opname dezer regelen in uw blad zeer verpligten.'

De merken leinen by guon op in minne namme, foaral fanwegen drankmisbrûk, fjochterijen en it fersteuren fan de sneinsrêst. Dat jilde blykber ek foar de Frjentsjerter dûmny Bakhoven, sa't in brief d.d. 28 augustus 1888 fan B. en W. fan Frjentsjer oan de PC dúdlik makket. Dêr falt út op te meitsjen dat 'den Heer J.M. Bakhoven e[n] a[n]deren]' de gemeente frege hienen om 'geheele of gedeeltelijke afschaffing der kermis'. B. en W. wiisden dat fersyk mei sân stimmen tsjin en fiif foar ôf : de merke bleau 'in haar geheel' behâlden.⁶ Dêr hienen fansels sawol de PC as de Frjentsjerter nearingdwaanden ek alle belang by: de merke luts altiten in protte folk.

Ien fan de bekendste 19^{de}-ieuske keatsers, Auke Miedema (1845-1898), hat koart (om 1866-1867 hinne) as ûnsfeint ('ovenknecht') op ien fan de Berltsumer tichelwurken oan 'e slach west, om dêrnei itselde wurk op it stienfabryk fan Keimpetille te dwaan. Miedema hat acht kear de PC wûn hat: jier oan jier fan 1867 oant en mei 1873 (in noch altiten bestoand rekord) en ek nochris yn 1883 en 1885.

Hy wie boppedat de earste PC-kening (1883). Mei syn 32 punten (hy wûn fierder noch fjouwer kear de premy: yn 1864, 1878, 1880 en 1882) stiet Miedema fiifde yn it PC-klassemint. Hy stoar oan in leverkwaal, it gefolch fan drankmisbrûk. Hat dat mei in gefolch west fan it hite en leabrekende wurk dat er die?



Der wie min in (goeie) foto te besetten fan it Ald Tichelwurk te Berltsum, mar wol ien fan it nije. Op de foto, dy't fan ± 1920 is, sjogge wy dat manlju, froulju en bern op it Nije Tichelwurk ynset waarden. Op de trap: Grietje Schotanus. Dêr links fan har pake Rinse Kramer en hielendal rjochts har omke Cornelis Kramer. Dy wie 'bager', dat wol sizze dat er de stiennen yn in 'bage' sette (sjoch de 'bage' fan stiennen op de achtergrûn). De twa froulju yn 'e midden ha in mes yn 'e hannen, dat se brûkten om de stiennen út it mal mei los te meitsjen. Foto: Aldheidskeamer De Grusert te Berltsum.]

de Boterton

It tichelwurk yn Berltsum⁸ stie net allinnich mei syn keatspartij. Ek Harns (of eins Mullum: sjoch noat 8) liet fan him hearre:

'Harlingen, 16 juni [1888]. Op het tichelwerk *de Boterton*, toebehoorende aan den heer IJ. O. Faber, wordt heden onder de 32 vaste werklieden en hunne families groot volksfeest gehouden, bestaande in kaatsen, zakloopen en snelkruien, en wel naar aanleiding van het feit, dat alle steen aan de fabriek is verkocht en ook afgeleverd, - een feit, dat zich in de provincie Friesland in de laatste 25 jaren niet heeft voorgedaan. De fabriek maakte, gedurende de vijf jaar, dat zij aan den tegenwoordigen eigenaar behoort, jaarlijks 2 miljoen stuks steen.'

Tichelwurken wienen ek geskikte fermiddens om te keatsen: se stienen foar in grut part yn de keatshoeke (de grûnstof bestie ommers út klaai), mei in konsintraasje om Harns-Frjentsjer hinne, en se hienen in protte folk yn it wurk. It soe nijsgjirrich wêze om mear fan soksoarte 'natuerlike' fermiddens foar it keatsen op it spoar te kommen. Ik ha no twa meldingen fan keatsen op tichelwurken fûn, mar wêrom soe dêr net faker keatst wêze? Fryslân hie yn de 19^{de} ieu tsientallen tichelwurken: sa wienen der 35 yn 1819, mei 445 man personiel, 30 yn 1862 mei 910 en 52 yn 1871 mei 1215 arbeiders.¹⁰ En der wienen fansels ek oare bedriuwen yn de keatshoeke mei frijwat folk yn tsjinst, foaral de oan de ein 19^{de} ieu sterk opkom-

mende bûterfabriken.

Ik haw der earder op wiisd dat it gjin tafal is dat der fanâlds al yn de Bouhoeke safolle keatst waard. De bouboeren hienen navenant in protte wurkfolk en dat hie no krekt yn in grut part fan de keatsmoannen by útstek - maaie, juny, july en augustus – wolris in oerke oer: de fruchten sieten dan yn 'e grûn en it wie noch net oan it binnenheljen fan it gemaak ta. Op 'e greidpleatsen dêrfoaroer moasten de kij deis twa kear molken wurde en boppedat foel krekt yn de simmermoannen de ûngetiid (dat wol letterlik sizze de ûnlidige, dat is de 'onledige', dus drokke tiid).¹¹

Minne tiden

De meidieling oer it súkses fan it Mullumer tichelwurk moat ek yn de tiid sjoen wurde. It jier 1888 foel middenyn de grutte lânboukrisis (1878-1895), mei oare wurden it wie hielendal net sa fanselssprekend dat it fabryk al syn stiennen kwytrekke. De bloeitiid fan de tichelwurken hie doe al west: dy lei tusken 1850 en 1880.¹² Yn 1893 foel foar de Boterton it doek: Faber rekke yn it fallissemint en moast syn fabryk en boumaterialen ferkeapje. Yn 1894 waard it fabryk 'op afbraak' ferkocht.¹³ It fabryk hie syn rike namme by eintsjebeslút gjin eare oandwaan kinnen. Herman Alma hie doe al lang syn tichelwurk oan de kant dien: hy hie dat neffens oankundigingen yn de *Leeuwarder Courant* yn 1873 yn earste ynstânsje 'voorlopig' oerdroegen oan Henri Canningieter Salverda, 'Steenfabrikant te Franeker', mar it yn itselde jier noch ferkocht oan Auke G. van der

Meij, in bekend Berltsumer tichelder.¹⁴

It stikje oer it súkses yn de earste jierren fan *de Boterton* rôp oars in wike letter ek noch in reaksje fan in konkurrint op:

'Dronrijp. Zag men voor eenige dagen in verscheidene nieuwsbladen vermeld, dat aan de fabriek "de Boterton" te Harlingen alle steen was verkocht en afgeleverd, ook aan de steenfabriek "de Oorbijt" alhier, eigen aan den heer R. Vermeulen te Leeuwarden, heeft zich deze week hetzelfde voorgedaan. Donderdag j.l. vierde 't volk, zoowel vrouwen als mannen, bij deze gelegenheid een feest, dat hun lang in 't geheugen zal blijven.

Dit is de derde maal in de laatste elf jaren, dat bovenbedoeld feit aan deze fabriek is voorgekomen.'¹⁵

It Rypster personiel hoegde dus net in frije snein op te te nimmen (of it feest moat allinnich de jûns west hawwe). It is spitich dat net dúdlik wurdt wat it feest ynhood. Dronryp wie ek doe al fansels in keatsplak. Hoewol't ek de lêste sin net hielendal dúdlik is, nim ik oan dat it fabryk trije kear alle stien ferkocht en ôflevere hat. Mar miskien hat der ek wol like faak feest west: lykas sein wie it wurk swier en op sa'n manier koe de baas wat ekstra's foar syn folk dwaan. Fan de Mullumer en Berltsumer tichelwurken is neat mear oer, fan it yn 1920 ôfbrutsen Rypster fabryk stiet noch in hûs.

Beslút

Wy binne, foaral troch krante-advertinsjes, aardich goed op 'e hichte mei it (boppe-lokale) wedstriidkeatsen sûnt 1752 (it earste ferskiningsjier fan de Ljouwerter krante). De twa krante-stikken oer it keatsen ûnder arbeiders op tichelwurken foegje wat wêzentliks ta oan ús kennis fan in foarm fan priiskeatsen. It soe moai wêze as der noch mear fan sokke fynsten foar it ljocht komme: dy ferskerpje it dizenege byld dat wy no hawwe fan it keatsen yn bredere sin foar, lit ús sizze, 1897, it oprjochtingsjier fan it Keatsbûn. Ynformaasje hoecht net allinnich út de kranten te kommen: men kin ek tinke oan bedriuwspapieren, brieven en oare egodokuminten en, wa wit, foto's.¹⁶

Pieter Breuker

Noaten

- ↑ p.5
- ↑ Sjoch: Anne de Jong. 'West-Fries kaatsen in 2005'. Yn: *De Keatsfreon*, jr. 15 (2006), p. 45.
- ↑ Sjoch bygelyks: Hedman Bijlsma en Karel Verbeek. *"Niet over één nacht ijs"; geschiedschrijving van de schaatssport in Nederland ter gelegenheid van het honderdjarig bestaan van de Koninklijke Nederlandse Schaatsenrijders Bond*. Amersfoort, 1982, p. 51.
- ↑ Sa soe de SDAP pas yn 1894 oprjochte wurde.
- ↑ Yn de drokste tiid wurken op 'e Frjentsjerter tichelwurken de manlju deis achttjin en de froulju tolve oeren (Theo Kuipers. *De klei-industrie in Friesland rond 1860*. Net-publisearre skripsje skiednis Ubbo Emmius (NHL), 1980).
- ↑ PC-argyf Keatsmuseum Frjentsjer.
- ↑ Sjoch oer him: Doeke Zijlstra. 'Auke Miedema 1845-1898'. Yn: *Bondsorgaan Koninklijke Nederlandse Kaats Bond*, jrg. 11 (1983), nû. 7, pp. 8-13.
- ↑ Der wienen oars mear tichelwurken yn Berltsum, sa't de namme Oud-Tigchelwerk ek al oanjout. Sjoch: L. Kamminga. 'Ontwikkeling van de nijverheid in Menaldumadeel'. Yn: Oepke Santema en Ysbrand N. Ypma (einred.). *Skiednis fan Mename-radiel*. Ljouwert, 1972, pp. 221-224.
- ↑ *Leeuwarder Courant*, 18 juny 1888, p. 2. It Harnzer tichelwurk foel ûnder Mullum: it stie oan de Trekfeart ûnder Mullum (Koningsbuert).
- ↑ De sifers foar 1819 en 1871 komme út: Meindert Schroor. 'Friese kleiverwerkende industrie'. Yn: *Noorderbreedte*, jrg 14 (1990), temanûmer 'Wonen in Noord-Nederland', pp. 22-23, dy fan 1862 út de *Encyclopedie van Friesland* (Amsterdam/Brussel, 1958, p. 165. Dy lêste boarne (p. 717) jout ek oan dat der yn 1896 al 87 suvelfabriken wienen.
- ↑ Pieter Breuker. 'De PC: oardel ieu, mar fitaler as ea'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, p. 62.
- ↑ Schroor, *oanhelle wurk* noat 10, p. 23. By him ek mear literatuer oer tichelwurken.
- ↑ *Leeuwarder Courant*, 30 juny 1893, p. 9 resp. 14 augustus 1893, p. 7 resp. 2 novimber 1894, p. 9.
- ↑ *Leeuwarder Courant*, 27 juny 1873, p. 8 resp. 31 oktober 1873, p. 7. Oan 'e ein fan itselde jier gong it tichelwurk al wer oer yn oare han

nen: Klaas Arjens Wassenaar fan Sint Jabik kocht it doe neffens notariële akten fan 27 desimber 1873 (Tresoar inv. nû. 78106 resp. 485) frjemd genôch fan Alma. Hie dy it dan wer kocht fan Van der Meij? Omdat myn artikel net (primêr) oer tichelwurken giet, haw ik dizze saak net fierder útsocht, mar der is reden om der nochris nei te sjen.

¹⁵ *Leeuwarder Courant*, 25 juny 1888, p. 2.

¹⁶ Ik hie foar dit artikel fansels stomme graach in foto hawwe wollen fan it âlde 'bedriuwkeatsen', yn Berltsum of earne oars, mar dy koe ik net besette.

Alles aan de hang: een drama voor een sportfotograaf

‘Kiek, deze foto dêr bin ik hartstikke trots op. Ik won der in 2006 de silveren kamera met, in de sektor kunst en cultuur.’ Aan het woord is Gert Gort, nieuws- en sportfotograaf. Hij laat me een prachtige foto zien van een kunstproject op het strand van Terschelling tijdens het Oerol-festival van dat jaar. Het project heet ‘25 jaarringen’ en is bedacht en uitgevoerd door kunstenaar Rob Sweere. ‘Er zaten die middag wel vijftien fotografen in de duinen, die bijna allemaal dezelfde foto’s schoten. Die van mij werd door de jury uitgekozen vanwege de uitsnede die ik ervan gemaakt had. Zoiets beleef je maar eens in je leven. Schitterend!’

Nieuwsfotograaf

Het is opvallend. Ik kom voor een interview bij kaatsfotograaf Gert Gort aan huis en het eerste wat hij me laat zien, is de hierboven beschreven foto. Ook in zijn kamer hangt een aantal prachtige foto’s, maar niet één heeft te maken met sport, laat staan met kaatsen. ‘Het liefst fotografeer ik de ruige zeevaart. Met storm ben ik dan ook steevast hier in Harlingen op de zeedijk. Water heeft me van jongsaf aan geboeid. Als jongen was ik altijd te vinden bij de KNRM. En omdat ze mij kenden, accepteerden ze mij ook toen ik eens mee wilde bij een reddingsactie op het wad. Ik heb daar een heel bijzondere foto gemaakt van een vrouw die tijdens een zware storm, waarbij de golven over de boot sloegen, haar baby overdroeg aan een

bemanningslid van de KNRM. Een ontroerende foto.

Later bleekt dat de schipper een oude schoolkameeraad was.’

‘Van origine ben ik nieuwsfotograaf. In mijn beginjaren holde ik van hot naar her en probeerde van alle gebeurtenissen juist die ene bijzondere foto te maken. Geluk en pech spelen daarbij een grote rol. Zo raakte ik bij toeval eens betrokken bij een loos alarm op Schiphol, waarbij een robot langs me reed op zoek naar springstof. Had ik geen camera bij me! Maar het geluk zat me een andere keer mee toen ik via de radioscanner in de gaten kreeg dat een gijzelingsactie die begon in gevangenis De Marwei, eindigde in een verschansing op de Voorstraat in Harlingen. Het was bij wijze van spreken bij mij om de hoek en ik was er als de kippen bij. Mijn foto’s stonden in alle kranten.’

Kaatsfotograaf

‘Ik ben eigenlijk bij toeval in het kaatswereldje terecht gekomen. Jaap Spieker maakte altijd kaatsfoto’s voor de Franeker Courant, maar hij wilde het wat rustiger aandoen. Ik nam het geleidelijk steeds meer van hem over en de PC van 1993 was mijn eerste grote kaatsklus. Hoewel ik in Harlingen ben opgegroeid, wist ik helemaal niks van kaatsen. In die beginjaren was fotograaf Jan Tromp mijn leermeester. Ik ging altijd bij hem in de buurt staan, omdat hij me vertelde wanneer het spannend werd. Langzamerhand snapte ik

de regels en leerde de spelers kennen. Sinds het midden van de jaren negentig bezoek ik ongeveer 90% van alle belangrijke kaatswedstrijden. Ik denk dat ik de grootste fotocollectie heb op kaatsgebied, want ik heb sinds die tijd tienduizenden foto’s gemaakt, waarvan ik de negatieven en digitale opslag bewaar in grote archiefkasten op zolder.’

‘De jaren negentig waren moordend. ‘s Middags struinde ik de kaatsvelden af, ‘s avonds zat ik in mijn doka; ontwikkelen, drogen, fixeren, selecteren en afdrukken. Daarna de beschrijvingen uittypen en op de achterkant van de foto’s plakken. Het kwam vaak voor dat ik diep in de nacht naar Leeuwarden reed om een foto bij *Leeuwarder Courant* of *Friesch Dagblad* af te leveren. Wat dat betreft, gaat het nu een stuk gemakkelijker. Met de digitale fotografie kan ik nu goedkoper en sneller werken. Ik hoef nu ook niet meer rekening te houden met de 36 foto’s die ik voorheen op een rolletje kon houden.’

Op mijn vraag wat het moeilijkste is bij het fotograferen van kaatswedstrijden, geeft hij een verrassend antwoord: ‘Edward Jorna werd op een bepaald moment chef van de sportredactie van het *Friesch Dagblad*. Hij riep me bij zich en zei: ‘Jij wordt onze vaste kaatsfotograaf, maar ik wil elke week een andere foto.’ En dat is nu juist het allermoeilijkste bij het kaatsen. Het zijn altijd dezelfde spelers, met vaak